

1. FNP, hear IJ. van Kammen

Underwerp: ferkeap âlde gymlokaasje Koatstertille

Op de jiergearkomste fan Pleatslik Belang Koatstertille fan 24 april 2017 kaam der in fraach út de seal wat de stân fan saken is oangeande de ferkeap fan de âlde gymlokaasje.

It antwurd fan de foarsitter wie dat de beide ûndernimmers ôfheakke wienen, harren bod op 'e lokaasje wie net heech genôch yn de eagen fan de gemeente. Mar foarsitter, wy hawwe yn 'e ried fan 6 april in moasje fan it GBA oannaam mei algemiene stimmen om oer te gean tot ferkeap fan de fertúteaze gebouwen, ek al is dit ûnder de merkpriis.

As der no ûndernimmers binne mei goeie plannen dy't planologysk passe yn it bestimmingsplan, dan moat men der dochs út komme kinne? Neffens ús ynformaasje is ien fan de beide ûndernimmers ek noch mei in alternatyf plan kaam.

As wy sa fêsthâldend binne wat de prizen oanbelanget, dan bliuwe de rotte plakken yn de doarpen yn lingte fan jierren bestean en dogge wy dêrmei de doarpen tekoart.

Sjoen it boppesteande hat de FNP de folgjende fragen:

1. Kloppet it dat de ferkeap net trochgien is om de sinten?
2. Kloppet it dat der in oanpast bod dien is op de lokaasje?
3. Is ek dit bod net akseptearre troch de gemeente?
4. Sa ja, binne de jildlike ferskillen sa grut dat men it net iens wurde kin?
5. Kin der ek subysdzje oanfrege wurde foar de oanlis fan de ynfrastuktuer?
6. Sa ja, is dit ek oanfrege?
7. Sa nee, wêrom net?

Wethâlder Antuma antwurdet dat de rie in moasje yntsjinne hie oer de ferkeap fan gebouwen en dat rinnende underhandelingen net trochkrust wurde sille. De âlde gymlokaasje stiet te keap en de minimale ferkeappriis wie € 245.000. Dizze priis wie nedich om de bou fan it nije MFA yn Koatstertille te finansjieren.

Yn de ôfrûne winterperioade binne der twa ûndernimmers west dy't belangstelling toand ha foar dit gebou, mar se koenen net de minimale ferkeappriis opleverje dy't nedich wie, dus wy koenen net ta saken komme. It akseptearjen fan in legere priis soe gjin rjocht dwaan oan de posysje fan oare belanghawwenden.

Geande it proses en mei de stân fan saken fan no, sjogge wy nei de bêste oplossing foar dizze lokaasje. Wy wolle in nije start meitsje om op dy manier de lokaasje yn te fullen, mar wol sadanich dat foar iederien gelyke ynformaasje ûntstiet en lykweardige kânsen.

De ISV subysdzje is takend foar de ûntwikkeling fan dizze lokaasje. Wy wolle de subysdzje graach ynsette om dizze lokaasje te herûntwikkeljen en de ynfrastuktuer oan te lizzen. De subysdzje ferfalt per 1 desimber 2017, dus wy beriede ús neidruklik op in oar plan.

Nochris, de ynstek is altyd west om it tekoart fan it MFA op dizze manier te dekken en as dat net slagget dan komme wy by de ried werom.

Fraach de hear F.D. Hoekstra (GBA): der sille heechstwarsskinlik wenningen bout wurde op dizze lokaasje. Is it de bedoeling dat wy dat hieltyd mar wer foar ús útskove, terwyl der san grutte fraach is nei wenningen yn achtkarspelen?

Reaksje wethâlder Antuma: wy ûntwikkelje in nij plan oan de hân fan de hjoeddeistige stân fan saken.

2. **GBA, de heer S.W. Vegelin**

Onderwerp: nieuwe school Augustinusga

Tijdens de informatiecarroussel zijn een tweetal vragen met betrekking tot de nieuwe school in Augustinusga onbeantwoord gebleven omdat deze als politieke vragen werden bestempeld. Graag willen we hierop nog een antwoord.

1. Wat is de reden dat Noventa steeds het idee heeft niet voldoende geïnformeerd te zijn?
2. Is de gekozen oplossing een daadwerkelijke goede keuze of is het budget bepalend?

Wethouder Stellinga antwoordt dat hij niet voor Noventa kan spreken wat betreft hun gevoelens. Wel is het zo dat de communicatie tussen Noventa en de gemeente beter had gekund. Er zijn fouten gemaakt aan beide zijden en de heer Vegelin heeft terecht aangegeven tijdens de informatiecarroussel dat er het afgelopen jaar geen OOGO (Op Overeenstemming Gericht Overleg) heeft plaatsgevonden. En een OOGO is wettelijk verplicht. Verder zijn er nog enkele dingen die beter hadden gekund. Daar wordt hard aan gewerkt. Bij de eerstvolgende raadsvergadering (15 juni) wordt er een voorstel aan de raad voorgelegd. In dit voorstel worden een paar woorden gebruikt die de directie van Noventa niet gekozen zou hebben. De wethouder zal beoordelen hoe zwaar die verschillen zijn die er toe hebben kunnen leiden dat Noventa het idee heeft niet voldoende te zijn geïnformeerd. Overigens zitten Noventa en de gemeente inhoudelijk op één lijn, zij het dat we door onze eigen bril kijken en soms iets anders zouden willen.

Wat de tweede vraag betreft: het is een goed plan, maar er zou wellicht een nog beter plan mogelijk zijn geweest. Concreet: er staat nog een paal in de gemeenschapsruimte. Dit kan in deze situatie niet anders, tenzij het om een nieuwbouw situatie gaat. Het verschil is een bedrag van 1 miljoen. Het is daarmee budgetbepalend en een goed plan dat aan praktisch alles tegemoet komt.

Opmerking de heer S.W. Vegelin (GBA): in het voorstel staat niets over de leeftijd van het pand. Het oude gedeelte is 60 jaar oud. Dat had wel vermeld kunnen worden. Wethouder Stellinga: dat is inderdaad één van de punten die beter hadden gekund. Het achterste deel van het gebouw dateert uit de jaren 50.